

## Beäntwurding skriftlike fragen artikel 47 Reglemint fan Oarder

**Skaaimerik fan de fraach** : 25-06  
**Datum yntsjinjen fraach** : 12 maaie 2025  
**Fraachsteller** : Dhr. W.B. Veenstra  
**Portefúlgehâlder** : Dhr. J.E. Boerema  
**Amtner** : Dhr. H. Hiemstra  
**Datum akkoart kolleezje** : 26 maaie 2025  
**Saak- en stiknûmer** : 202505217611/25ZG098702

### Underwerp

It fytspaad oer de Hege Bult

Op 12 maaie 2025 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer 'It fytspaad oer de Hege Bult Droegeham'. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje.

### Ynlieding

Yn de ynformaasjekarrûsel fan 13 febrewaris 2025 hawwe we in presintaasje fan de werynrjochtingskommisje Achtkarspelen Súd hân. Hjir kaam de jûns it fytspaad oer de Hege Bult ter sprake.

Frou Nijboer-Jacobi hat ús útlein wat de tûkelteammen wiene en oanjûn dat de kommisje mei de Provinsje Fryslân drok dwaande is om ta in oplossing te kommen.

De hear Van der Meulen fan de Provinsje hat doe tasein dat der foar de simmer mear dúdlikens oer komme sil. Op dit stuit is it hast simmer en is de fraksje fan de FNP hiel benijd hoefier't dit no is.

### Fragen

1. Is der op dit stuit al dúdlikens oer it fytspaad oer de Hege Bult?  
*Antwurd:* Op dit stuit is der noch gjin dúdlikens oer it lêste part (faze 3) fan it trasee.
2. Is de oankeap fan de grûn dêr't it fytspaad oerhinne komme moat yn reedlikheid oplost?  
*Antwurd:* *Mei ien eigener is de provinsje net ta oerienstimming kommen. Dat betsjut dat it wy it winske trasee net realisearje kinne. Op dit stuit ûndersykje we in alternatyf foar faze 3 om it fytspaad te realisearjen.*
3. Wannear begjint de oanlis fan it fytspaad?  
*Antwurd:* Nei it briedseizoen (15 juny) kin dit jier begûn wurde mei faze 2. As it trasee fan faze 3 definityf is en it bestek en de fergunningen regele, kin mei de oanlis begûn wurde. De planning foar de útfiering fan faze 3 is ein 2025 of begjin 2026.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

sekretaris,

boargemaster,

dhr. mr. M.P. de Jong

dhr. J.D. de Vries MSc